

Pedagogysk beliedsplan fan Tineke Spoelstra

Eksterstrjitte 25

9271 CX De Westereen



## Ynhâldsopjefte

---

	Pagina
<b>1. Foaropwurd</b>	<b>3</b>
<b>2. Berne-opfang It Boefke</b>	<b>4</b>
<b>3. Fizy</b>	<b>5</b>
<b>4. De opfiedingsdoelen</b>	<b>6</b>
4.1 Soargje foar emosjonele feilichheid	6
4.2 Untwikkeling fan persoanlike kompetinsje	7
4.3 Untwikkeling fan sosjale kompetinsje	9
4.4 Oerdracht fan wearden en noarms	9
<b>5. De wurkwize</b>	<b>11</b>
5.1 Groepsgearstalling	11
5.2 Deiyndieling	12
5.3 Iepeningstiden	12
5.4 Fieding	12
5.5 Sliepe	13
5.6 Sykte	12
5.7 Aktiviteiten bûten berne-opfang It Boefke	13
<b>6. Kontakt mei âlders</b>	<b>14</b>
6.1 Yntake en pleatsing	14
6.2 Wenperioade	14
6.3 Kontaktmominten	14
6.4 Evaluaasjes	15
6.5 Alderkommisje	15
<b>7. Kwaliteit en organisaasje</b>	<b>16</b>
7.1 Lieding en persoaniel	16
7.2 Ferfanging, stipe, stazjêren	16
7.3 Meldkoade	16
7.4 Sinjalearring fan bysûnderheden yn 'e ûntwikkeling	17
7.5 Foarskoalske Edukaasje	18
7.6 Twatalige berne-opfang	20
7.7 Fersekeringen	20

## 1. Foaropwurd

---

Myn namme is Tineke Spoelstra en ik wenje mei myn man en trije bern yn Kollumersweach. Ik haw tsien jier wurkûnderfining as pjutteliedster op in pjutteboartersplak. Dêrneist haw ik wurke as tutor fan in groep pjutten dy't ekstra stipe yn harren ûntwikkeling brûke koene.

It wurkjen mei bern is myn absolute passy en it starten fan in eigen deiferbliuw in lang koestere dream. Neist in soad ûnderfining op oare plakken opdien te hawwen en mysels der goed yn ferdjippe te hawwen wat ik krekt wolle soe, bin ik begûn mei berne-opfang It Boefke.

Berne-opfang It Boefke sit yn in earder plysjeburo. It is in bernedeiferbliuw mei bso, dat sa ynrjochte is dat it in húslike en gesellige sfear hat. Der binne meardere hoekjes makke dêr't de bern ôfsûnderlik of just mei-inoar boartsje kinne. De hiele romte strielet waarmte en rêst út. Om't alle romten yn it bernedeiferbliuw hiel grut binne, hawwe de bern ek letterlik alle romte om te boartsjen, te rêsten en te iten. Neist alle húslikheid steane beweging en natuer foarop.

Yn 'e bûtenromte fan berne-opfang It Boefke sit dan ek in grutte boarters- en ûntdektún, dy't oanlein is mei natuerlike, houten eleminten. Sa binne der houten stapstiennen makke dêr't de bern hearlik oerhinne springe kinne en stiet der ek in houten boartershúske. Fierder is der in wettertafel, in sânbak en in ôfbeakene romte om mei karren omride te kinnen. Ta beslút leit der yn 'e tún fan berne-opfang It Boefke ek in grientetún, dêr't wy mei-inoar omraak túnkje kinne.

## **2. Berne-opfang It Boefke**

---

### **2.1 Wat is berne-opfang It Boefke.**

Berne-opfang It Boefke biedt lytsskalige berne-opfang. Berne-opfang It Boefke wurket mei fêste gesichten op 'e groep. Elk bern hat ek syn of har eigen mentor.

Berne-opfang It Boefke is in lytsskalich bernedeiferbliuw foar bern yn in kombinaasjegroep fan 0-12 jier en in bso foar bern fan 4-12 jier.

### 3. Fisy

---

Berne-opfang It Boefke is rjochte op it yndividuele bern. Elk bern is unyk, hat syn eigen ferletten en ûntwikkelet him of har yn in eigen tempo. De basis dêrfoar is dat it bern feilichheid en waarmte ûnderfynt. Fan dêrút kin it nije ûnderfiningen opdwaan en fierder groeie yn syn of har selsbetrouwen en selsstannichheid. Foaral bûten yn 'e natuer lizze kânsen om de ûntwikkeling fan bern te stimulearjen. Troch bûten te wêzen, dogge bern mear sintúchlike prikels op en dogge se op yntinsere wize ûnderfiningen op. Binnen boartsje de bern mei in fariearre en útdaagjend oanbod fan boartersguod fan natuerlike materialen (hout). Sa besykje ik binnen en bûten mei-inoar te ferbinen en sa wol ik bern yn berne-opfang It Boefke sawol binnen as bûten ûntdekke en leare litte.

De doelstelling is profesjonele opfang oan bern yn 'e leeftiid fan 0 oant 12 jier oan te bieden, dêr't it yndividuele bern sintraal by stiet. Dat dogge wy yn in feilige, waarme en húsljike omjouwing. De kwaliteit fan soarch en begelieding steane dêr sintraal by.

Om goede kwaliteit biede te kinnen is in dúdlik pedagogysk belied fan belang. Ik fyn it belangryk om nei âlders en oaren dúdlik te meitsjen wat myn wize fan wurkjen mei de bern is. Ik hoopje dan ek dat it pedagogysk belied der ta bydraacht dat de bern mei in gerêst hert oan my tabetroud wurde.

## 4. De opfiedingsdoelen

---

Yn berne-opfang It Boefke wurkje wy neffens de fjouwer opfiedingsdoelen fan professor M. Riksen-Walraven. Dy doelen wurde troch de oerheid brûkt om te kommen ta ferantwurde berne-opfang. It giet om de doelen:

- 1) it soargjen foar emosjonele feilichheid
- 2) it ûntwikkeljen fan persoanlike kompetinsjes
- 3) it ûntwikkeljen fan sosjale kompetinsjes
- 4) de oerdracht fan noarms en wearden

Yn 'e kommende haadstikken wurde de fjouwer opfiedingsdoelen fierder útwurke. Berne-opfang It Boefke hâldt him oan 'e regels fan 'e *Wet kinderopvang* (IKK).

Yn dit haadstik sil fierder beskreaun wurde hoe't dizze opfiedingsdoelen tapast wurde yn berne-opfang It Boefke.

### 4.1 It soargjen foar emosjonele feilichheid

Elk bern is unyk en ûntwikkelet him op syn of har eigen wize. Mar, allinne as it him of har feilich fielt yn 'e omjouwing. It is belangryk dat dêr op ynspile wurdt, sadat der in betrouwensbân mei it bern ûntstean kin en it bern de kâns kriget om te ûntdekkjen en op ûndersyk út te gean.

Yn berne-opfang It Boefke bin ik as liedster it fêste gesicht, mei noch fjouwer oare dames. Ik bin der altyd en dat biedt betrouwen, feilichheid en hâldfêst foar de bern. Alders en bern kinne dêrtroch in bân mei my opbouwe. Sa ken ik de winsken en ferletten en wit ik hoe't ik it bêste reagearje en/of omgean kin mei elk bern. As in bern bygelyks oan it begjin fan 'e dei altyd wer efkes wenne moat, bin ik dêrfan op 'e hichte en kin ik it efkes by my op 'e skurte nimme om it gerêst te stellen. Dêrnei kin it bern dan lekker boartsje mei de oare bern. It is belangryk om yn it kontakt mei de bern sinjalen op te pikken, goed te harkjen en op in passende wize te reagearjen. Dat sil de betrouwensbân fersterkje en it bern it sa belangrike feilige gefoel jaan.

Wy wurkje yn berne-opfang It Boefke mei in fêst deiritme. Troch te witten wat der komt, biede wy bern rêst en soargje wy foar in feilich gefoel. As helpmiddel brûke wy de deiritmekaarten fan it Frysktalige projekt Sânglêsrige. De bern sjogge hieltyd op elke kaart wat wy al dien hawwe en hokker aktiviteiten noch folgje. Om dat noch dúdliker te meitsjen, brûke wy fêste rituelen, lykas mei-inoar it ferske "Smakelijk eten" sjonge foar't wy ite sille.

Foar bern binne fêste rituelen de hiele dei troch belangryk. Sa witte se wat komme sil. De werkenbere en betroude folchoarder biedt harren hâldfêst en dat soarget foar in feilich gefoel. Sa ferrint it heljen en bringen yn berne-opfang It Boefke neffens in fêst patroan: de bern wurde begroete mei: "Wat moai datst der bist" en "Wat hast allegearre mei?" Nei koart mei de âlders praat te hawwen, folget der in dúdlik ôfskiedsmomint, dat ek alle kearen wer op deselde wize ferrint.

Foar de bso-bern jildt dat ek. Wy begroetsje harren mei: "Wat hast hjoed op skoalle belibbe?" of "Wat hast op skoalle dien?" As de bso-bern harren ferhaal diel hawwe, kinne se boartersguod en spultsjes út 'e kast kieze. Dy kast is allinne foar de bso-bern fan 4 oant 8 jier. Sa hawwe se harren eigen hoekje mei ferskillende materialen en fiele se dat se in eigen plakje hawwe op 'e dei-opfang. Dat biedt de bern rêst en betrouwen.

Berne-opfang It Boefke brûkt in app, dêr't yn stiet wat wy dy deis dien hawwe of wat der spilet. Sa kinne jimme as âlders de oeren en kontaktgegevens ynsjen. Sa binne jimme ek op 'e hichte fan alles wat der bard is en oare bysûnderheden. Dêrtroch slute de wrâlden fan it bern yn 'e opfang en thús goed opinoar oan. Dat sil in feilich gefoel by it bern stypje.

Troch it lytsskalige karakter fan 'e opfang yn berne-opfang It Boefke, binne der faak bekende leeftiidsgenoatsjes op fêste deidielen. Bern kenne inoar dêrtroch meastentiids hiel goed en dat biedt in sfear fan betrouwen en feilichheid.

De romten yn berne-opfang It Boefke binne oersichtlik en bernfreonlik ynrjochte, sadat bern harren der feilich fiele. De yndieling stiet fêst en sil net faak wizige wurde. Dy foarsisberheid biedt rêst. Wannear't in bern wit wêr't alles leit, sil it betrouwen krije, him of har feilich fiele en op ûndersyk doare út te gean.

Foardat it bern by berne-opfang It Boefke komt, kom ik as fêste liedster op húsbesite. Sa kin ik de húshâlding kennen leare en sy my. Wensten, gewoanten en bysûndere ferletten kinne dan útwiksele wurde. De mooglikheden foar in passende wenperioade komme dan ek oan bar: in goed begjin biedt de kâns om fuort in goede bân mei-inoar op te bouwen, wat goed is foar de emosjonele feilichheid fan in bern.

## 4.2 Untwikkeling fan persoanlike kompetinsje

Persoonlike kompetinsje giet oer persoansskaaimerken lykas fearkrêft, selsstannichheid en selsbetrouwen, fleksibiliteit en kreativiteit. Dat stelt in bern by steat om allegearre typen problemen adekwaat oan te pakken en him of har goed oan te passen oan feroarjende omstannichheden.

It is belangryk om te sjen nei wat elk bern nedich is en dêrop yn te spyljen. Elk bern ûntwikkelet him yn syn of har eigen tempo. As fêste liedster ken ik elk bern goed en wit ik wat it nedich hat. Ik kin materiaal oanbiede dat krekt in bytsje dreger is as wêr't it bern selsstannich mei boartet, sadat ik it op syn of har eigen nivo útdaagje en op passende wize stimulearje. Sa jou ik bygelyks faak in puzel dy't mear stikjes hat as de lêste puzel dy't it bern makke hat. De earste kear dogge wy it mei-inoar, dêrnei slagget it miskien al selsstannich.

De romte yn berne-opfang It Boefke is feilich en boartlik ynrjochte, op sa'n wize dat de bern folop de mooglikheid hawwe om dy te ûntdekkjen. Berne-opfang It Boefke hat sûnt jannewaris 2016 ek in babygroep kreëarre. Babys hâlde fan 'rust, reinheid en regelmaat', wylst in pjut hâldt fan frij boartsjen. Om't it foar in pjut noch dreech is om rekken mei-inoar te hâlden, is dat in moaie oplossing. Hiel faak kinne de groepen gearsmiten wurde, mar soms is it ek noflik dat je je mei de babys efkes weromlûke kinne nei in plak dêr't it rêstiger is. Mei twa liedsters op 'e groep is dat prima te realisearjen.

De opfang biedt geskikt spul- en boartersmateriaal foar bern fan 0 oant 12 jier. Dat materiaal stimulearret ferskillende ûntwikkelingsmêden, lykas de lichaaamlke ûntwikkeling, ferstanlike en taalûntwikkeling, en de sosjale ûntwikkeling. Berne-opfang It Boefke wurket ek mei it tema 'Poppen en krobben'. Dêr stiet yn beskreaun wat ik oanbiede kin oan bern fan 0 oant 2 jier. Yn dy map kinne je aktiviteiten, rituelen, ferskes en lêsböeken weromfine dy't passe by it tema. Sa kin ik ek ynspylje op 'e ûntwikkelingen fan bern fan 0 oant 2 jier.

Foar babys kin der troch in klee op 'e grûn in spesjaal plakje foarme wurde dêr't se mei ferskillend boartersguod boartsje kinne: boartersguod dat de sintugen prikelet, dêr't se yn knipe kinne, nei sjen kinne en wêr't se lûdsjes út hearre kinne.

Yn 'e romte stiet ek in boks mei boartersguod foar de babys en fierder binne der twa wipstuollen.

Foar de gruttere bern binne der fêste hoeken, lykas in poppehoeke, bouhoeke, beweechhoeke en kreative hoeke; yn 'e poppehoeke binne poppen, in bedsje en in bernewein, en der is in keukentsje. Dêr kinne de bern rollespullen dwaan lykas 'vadertje en moedertje'. Yn 'e bouhoeke kinne bern mei Duplo en blokken bouwe. Dat stimulearret it mei-inoar boartsjen en de fine motoryk. Foar it stimulearjen fan 'e motoaryske ûntwikkeling is der in beweechhoekje; dêr leit foar pjutten in krûptunnel, dêr't se hearlik trochhinne krûpe kinne.

Wannear't de bso-bern (fan 4 oant 12 jier) harren ferhaal nei skoalle dield hawwe, kinne se boartersguod en spultsjes út 'e kast kieze. Dy kast is allinne foar de bso-bern yn 'e leeftiid fan 4 oant 12 jier. Sa hawwe sy harren eigen hoekje mei ferskillende materialen, lykas LEGO en Playmobil, en ûnderfine se harren eigen stikje op 'e dei-opfang. Bûten kinne de bso-bern fuotbalje, de bisten fersoargje, hutten bouwe en tûnkje; sa falt der foar harren bûten ek in soad te belibjen en wurdt de rûge motoryk ekstra stimulearre.

De rûge motoaryske ûntwikkeling sil fierder stipe wurde troch bûten te draven, klimmen, rôljen en op 'e fytsen en karren om te riden. Fierder liene de houten stapstiennen yn 'e tûn harren derfoar om oerhinne te rinnen of te springen. Ta beslút is der in kreative hoeke. Om't de kreative ûntwikkeling faak fergetten wurdt, nimt dy in belangryk plak yn by berne-opfang It Boefke. Dat hoecht net altyd yn nifelfoarm of mei in spesifyk doel opset te wurden, mar it just de kreative ûntwikkeling fan it bern sêls dy't berne-opfang It Boefke stimulearje wol. Oan 'e grutte tafel kinne de bern ûnder oaren kleurje, fervje en bargje. Lyts materiaal en skjirren, lym en prykpinnen steane heech; bern moatte dêr omreden fan 'e feilichheid earst om freegje. Bern kinne troch it nifeljen harren fantasy kwyt en ûntwikkelje de fine motoryk. De wurkjes en kreasjes fan 'e bern krije in moai plakje yn 'e opfang, sadat elkenien se sjen kin.

Yn 'e bûtenromte binne in sânbak en wettertafel te finen. Sân en wetter prikelje de fantasy en fine motoryk.

Foar de taal- en tinkûntwikkeling wurde yn berne-opfang It Boefke de metoaden Sânglêsrige en Uk en Puk brûkt. Dêr wurde ferskillende tema's by oanbean, lykas de seizoenen. Wy sjonge dan ferskes en lêze boekjes fan it tema dat wy op dat stuit hawwe. Fierder prate wy ûnder de tafelmominten in soad oer persoanlike dingen dy't de bern meimakke hawwe. De jongste bern dy't krekt sitte kinne, sitte dan yn in sitferlytser en belibje dat ek mei. Dêrneist leare bern troch it imitearjen fan sawol my (as folwoeksene op 'e groep) as leeftiidsgenoaten.

It measte boartersmateriaal op 'e opfang leit yn lege kasten, sadat de bern der sels by kinne. Sa leare se sels te kiezen en te pakken; dat fergruttet harren selsstannichheid. Boartersmateriaal foar gruttere bern, mei lytsere ûnderdielen, stiet foar de feilichheid op in heger plak.

Yn berne-opfang It Boefke binne op 'e ferskillende deidielen faak bekende leeftiidsgenoatsjes oanwêzich. Just om't de bern inoar goed kenne, witte se faninoar wat se kinne en moai fine. Dêrtroch geane se yn harren spul faak troch wêr't se de foarige kear bleaun wiene, sadat it nivo fan it spul omheech giet. Sa hawwe se miskien de iene dei mei Duplo boarte en in moai hûs makke en wreidzje se dat de oare dei út mei minsken, in tûn, ensafuorthinne. Se hoege net mear ôf te taasten wat de oar moai fynt, mar witte dat al faninoar en boartsje fierder.

Neist it feit dat bern faninoar leare yn spul, stypje se inoar ek yn selsstannichheid. De âldere bern jouwe de jongere bern it goede foarbyld, bygelyks it selsstannich oanlûken



fan 'e jas, it sels iten of it sinlik wurden. Wannear't in âlder bern nei it húske giet, sjogge de jongere bern mei en wolle dat miskien ek wol ris besykje.

### 4.3 Untwikkeling fan sosjale kompetinsje

Dit begryp giet oer sosjale kennis en feardichheden, bygelyks je yn in oar ferpleatse kinne, konflikten tefoaren komme en oplosse, it ûntwikkeljen fan sosjale ferantwurdlikheid. In bern yn in groep kin ûnderfine hoe't it is om mei oare bern te boartsjen en inoar te helpen. It leart rekken mei de oar te hâlden en ûntdekt dat 'mei-inoar dingen dwaan' moai is.

As fêste liedster fan berne-opfang It Boefke soargje ik derfoar dat de bern leare om mei-inoar te boartsjen yn lytse groepkes, lykas yn 'e bou- en poppehoeke. Troch harren yn harren spul te stypjen, ûnderfine de bern hoe noflik it is om mei-inoar te boartsjen en dan ek rekken mei-inoar te hâlden. Dy stipe uteret him troch de bern te learen om aardich tsjininoar te dwaan (bygelyks troch te freegjen oft je ek mei in beskaat stik boartersguod boartsje meie yn stee fan it ôf te pakken), te dielen (bygelyks om bar) en mei-inoar te ûntdekken (elkenien mei meidwaan). Bern hawwe dêr hieltyd grinzen by nedich foar wat wol of net mei en se witte dan dat se har dêryn frij bewege kinne. Sa binne 'inoar gjin sear dwaan' en 'net tsjininoar skreauwe' foarbylden fan ôfspraken dêr't wy ús allegearre oan hâlde. Ik jou de bern de mooglikheid om binnen de makke ôfspraken sels oplossingen te finen en karren te meitsjen yn harren kontakt mei oaren. Wannear't dat ta lytse konflikten liedt, besykje ik it de bern earst sels oplosse te litten. As dat net slagget, sil ik harren dêr by helpe. Wy sjogge dan mei-inoar wat elkenien graach wolle soe en betinke dan mei-inoar in goede oplossing. Sa kin it ek wêze dat elk bern graach mei deselde auto boartsje wol; in oare auto derby pakke dy't derop liket, kin dan in oplossing wêze. Dêrnei kinne bern fierder yn harren spul. Troch op in goede wize mei-inoar om te gean, fielt elk bern him respektarre. As fêste liedster soargje ik derfoar dat ik hieltyd it goede foarbyld jou yn it kontakt nei-inoar ta en jou de bern komplimintsjes foar harren posityf gedrach troch dat hieltyd wer te beneamen.

Neist de mooglikheid om yn lytsere groepkes te boartsjen soargje ik ek foar groepsaktiviteiten. De romte biedt dêr foldwaande mooglikheden foar. Sa geane wy mei-inoar oan tafel om te iten en drinken. Wy besykje dy mominten safolle mooglik mei de hiele groep te belibjen, dus de alderjongste bern sitte yn in stoelferlytser oan tafel en soms yt in baby in fruihapke mei op 'e skurte. Ik besykje op dy mominten de bern byinoar te belûken troch petearkes te fieren en dat ek te stimulearjen tusken de bern ûnderling. Dat jildt ek foar de bso-bern: as sy út skoalle komme, soargje wy derfoar dat sy diel útmeitsje fan 'e groep. Se kinne dan ek fertelle wat sy bygelyks op skoalle belibbe hawwe.

Fierder biedt de binnenromte de mooglikheid ta mienskiplik gymnastykjen/bewegen en de bûtenromte jout mooglikheden om mei-inoar bûten te boartsjen. Yn 'e tún is in grientetún, dêr't wy mei-inoar túnkje kinne en ús fernuverje kinne oer de lytse bistjes dy't der binne en de plantsjes dy't der groeie! Dêrneist geane wy gauris te kuijerjen mei de hiele groep of meitsje wy in útstapke nei de bakker yn 'e buert. Dêr hawwe wy fêste ôfspraken en rituelen, dy't wy as groep allegearre kenne. Sa ûntstiet it gefoel fan: "Wy hearre byinoar en dogge dat altyd sa."

### 4.4 Oerdracht fan noarms en wearden

Bern moatte de kâns krije om har de wearden en noarms, de 'kultuer', eigen te meitsjen fan 'e maatskippij dêr't se yn libje. Sa kinne se dêr letter yn 'e maatskippij op in goede wize mei omgean. Berne-opfang It Boefke biedt in bredere maatskippij as de húshâlding. Bern komme sa yn oanrekking mei ferskillende uteringen fan 'e kultuer dy't by ús maatskippij heart.

Yn berne-opfang It Boefke binne noarms en wearden hiel belangryk. Se jouwe oan hoe't wy hjir mei-inoar omgeane. As fêste liedster fan berne-opfang It Boefke lear ik de bern dat der regels en rituelen binne: wat wol heart en wat net heart. Der jilde in pear belangrike ôfspraken, dy't wy mei-inoar makke hawwe. It is oantoad dat it better wurket as je de regels mei de bern opstelle. Foar myn gefoel fersterket it de bân dy't wy mei-inoar ûntwikkelje ek. In pear belangrike regels binne: gjin boartersguod ôfpakke en inoar net sear dwaan. Dy fêste 'húsregels' passe wy konsekwint en helder ta en wy as lieding soargje der hieltyd wer foar dat wy de regels útlizze en dúdlik meitsje wat wy ferwachtsje fan it bern. Fierder mei elk bern wêze wa't hy of sy wêze wol. Bern meie grinzen oanjaan. As in bern earne echt net oan meidwaan wol, dan hoecht dat ek net.

As fêste liedster jou ik dêrby sels it goede foarbyld. Dêrneist sil ik, as in bern muoite hat om him te hâlden oan 'e regels, earst fertelle wat it winske gedrach fan it bern heart te wêzen. As it bern dat dêrnei opfolget, sil ik in beleaning yn 'e foarm fan in komplimint jaan, troch te beneamen dat it no hiel goed gien is en dat ik dat hiel noflik fyn. Neist it beleanjen sil ik it gedrach fan 'e bern, wannear't se echt net harkje, korrizjearje. Yn berne-opfang It Boefke kriget in bern yn dat gefal earst twa warskôgingen en by de tredde kear in time-out. It bern wurdt dan op in stuoeltsje set en moat dêr dan efkes sitten bliuwe. Nei in pear minuten freegje ik it bern wêrom't it op it stuoeltsje sitte moast en fertel ik wat it winske gedrach fan it bern heart te wêzen. Meastentiids wurdt dat oannommen troch it bern. Mocht dat net sa wêze, dan werhelje ik wat ik fan it bern ferwachtsje en sil oanjaan dat it noch efkes sitten bliuwe moat oant it bern wer harkje kin.

As liedster soargje ik derfoar dat ek de babys belutsen wurde by it spul en it kontakt mei de oare (âldere) bern. Troch mei de baby te sjen nei it spul, te beneamen wat der bart en eachkontakt te meitsjen, hearre se der ek echt by. Under ferskjinmominten soargje ik foar eachkontakt, ik beneam alle hannelingen en fertel wat ik dwaan sil. Aldere pjutten en bso-bern wurde belutsen by dy mominten as se dat aardich fine. Se meie my helpe en ik soargje der troch de hannelingen te ferwurdzjen foar dat de bern ek wier yn kontakt komme mei-inoar.

Yn berne-opfang It Boefke fiere wy ek feesten mei de rituelen dy't dêrby hearre. Wy libje yn in multykulturele maatskippij dêr't ferskillende feesten yn fierd wurde, mei ferskillende rituelen. Berne-opfang It Boefke wol dêr perfoarst op in passende wize op ynspylje. Mochten der bern wêze mei in oare kulturele eftergrûn, dan moatte dy feesten ek fierd wurde kinne. As dat binnen berne-opfang It Boefke mooglik is.

Foar it tiidsbesef wurdt omtinken jûn oan 'e seizoenen as tema. Dêrneist wurde feesten as Sinteklaas, de krystdagen, de peaskedagen, Heite- en Memmedei en de eigen jierdeis yn alle gefallen fierd yn berne-opfang It Boefke.

De neamde feesten wurde neffens bekende rituelen fierd. By in jierdei fan in bern komt de âlder del om mei ús de jierdei te fieren: der wurdt songen en op muzykynstruminten spile. Der wurdt ek in taart mei (nep)kearskes útblaasd en it bern mei de traktaasje oan alle bern útdiele.

## 5. De wurkwize

---

Yn dit haadstik wurdt beskreaun op hokker wize berne-opfang It Boefke te wurk giet.

### 5.1 Groepsgearstalling

Wy brûke twa groepsromten, mei dêrby in kombinaasjegroep fan maksimaal sechstjin bern (bernedeiferbliuw en bso) en in bso-groep fan maksimaal sechstjin bern. De gearstalling fan 'e groepen wikselet soms; de leeftiden en it oantal bern it deidiel fariearje. As it totale oantal bern sechstjin of minder is, kinne basisgroepen gearsmiten wurde ta ien kombinaasjegroep, dêr't de fêste liedsters de opfang by liede sille. De berne-opfang soarget derfoar dat it foar alle bern en âlders dúdlik is by hokker basisgroep/-romte in bern dy deis heart. Yn 'e agenda jouwe wy elke dei foar elk bso-bern oan yn hokker groep it opfangen wurdt. De jonge bern (0-4 jier) hawwe yn prinsipe de kombinaasjegroep as basisgroep en de âldere (bso-)bern (4-12) jier de bso-groep. Ofhinklik fan 'e grutte fan 'e groepen kinne wy dêr fan ôfwike. De groepsromten lizze ticht byinoar. Wy wurkje it leafst mei fêste liedsters, sadat it oersichtlik is foar bern en âlders.

De stamgroepen ferbliuwe op beskate mominten yn in mienskiplike romte, bygelyks ûnder de foarskoalske opfang (fso); tink oan bruorkes of suskes. It wolwêzen fan 'e bern fynt berne-opfang It Boefke hiel belangryk en hoe moai is it om mei-inoar te wêzen as húshâlding. Wy stelle âlders by de kennismakking mei de opfang dêrfan op 'e hichte en sy stimme dêr eksplisyt mei yn. Foar beide groepen binne ôfsûnderlike liedsters ferantwurdlik. De bern witte hokker liedster foar hokker groep ferantwurdlik is. In bern heart mei fragen dan ek yn earste ynstânsje nei de ferantwurdlike liedster fan 'e groep te gean. De groepen ûndernimme as it mooglik is wol aktiviteiten yn 'e mienskiplike romte (iependoarrebelied).

Omreden fan 'e boppeneamde wikseling yn 'e gearstalling fan 'e groepen sille wy hieltyd hannelje neffens de wetlike rjochtlinen oer it liedster-bernratio. Mei help fan 'e KindPlanner en 1ratio.nl besjogge wy hieltyd oft it oantal bern mei de byhearrende leeftiid troch ien of mear liedsters opfangen wurde kin. Wy foldogge dêrby oan it 'fêste gesichtekritearium' foar bern oant 1 jier, troch der altyd foar te soargjen dat ien fan 'e fêste liedsters fan it bern oanwêzich is.

### Trije-oereregeling

Under de fêststelde oeren sille wy mooglik ôfwike fan 'e liedster-bernratio. Wy soargje dan dat der nea minder as de helte fan it oantal nedige liedsters op 'e groep is en dat op syn minst ien oare folwoeksene oanwêzich is op 'e lokaasje om stipe te bieden. Dêr kin in fêste frijwilliger en liedster op tasjen.

Op dizze dagen en oeren sille wy de regeling tapasse en wike wy mooglik ôf fan 'e liedster-bernratio: moandeis, tiisdeis, woansdeis en tongersdeis fan 13.30 oant 14.10 oere. Dat is sa om't der twa skoallen yn it doarp binne mei ferskillende bring- en heltiden. Under de bringtiden hoege wy de trije-oereregeling net ta te passen, mar wol by de heltiden. Der sit nammentlik in tiidsferskil yn fan tritich minuten. As der genôch oanmeldingen binne foar de freedse, dan kinne wy de trije-oereregeling eventueel ek tapasse fan 13.30 oant 14.10 oere. Wy kommunisearje dat aktyf oan âlders, sadat it foar harren helder is wannear't wy de regeling tapasse en hoe't wy de ynset fan 'e liedsters op dy mominten regele hawwe.

### Iependoarrebelied

It iependoarrebelied yn berne-opfang It Boefke wurket sa: nei't wy elk bern oan it begjin fan 'e opfang yn in eigen basisgroep ûntfongen hawwe, kin it sels kieze nei hokker romte it gean wol. Want, hoe moai kin it wêze om mei je bruorke of suske yn kontakt te bliuwen op 'e opfang! Berne-opfang It Boefke soarget der yn dy situaasjes foar dat de

liedster-bernratio kloppet op lokaasjenivo en dat wy dy weromfiere kinne nei de jildende liedster-bernratio foar elke ôfsûnderlike groep.

### *Ekstra deidielen*

De boppeneamde wurkwize jildt ek foar fersiken fan âlders foar it ôfnimmen fan ekstra deidielen bûten it sletten kontrakt. Wy sjogge hieltyd oft der mooglikheden binne en rieplachtsje de liedster-bernratio (PKR). Wy hâlde it roaster fan 'e oanwêzige bern en lieding alle dagen hiel krekt by, sadat dat ek helder is. Trochdat wy wurkje mei fêste gesichten op 'e groep, sil by de ôfname fan ekstra opfang altyd in foar it bern fertroude liedster oanwêzich wêze en foar bern oant 1 jier hantearje wy it fêstegesichtekritearium.

## **5.2 Deiyndieling**

Wy toane de deiyndieling oan 'e hân fan deiritmekaarten oan 'e bern en folgje dy ek op. Sa meitsje wy it foar de bern hieltyd oersichtlik wat wy dwaan sille. De deiyndieling fan berne-opfang It Boefke sjocht der sa út:

6.30 oant 8.30 oere	frij boartsje
8.00 oere	de fso-/bso-bern nei skoalle bringe
8.30 oant 9.00 oere	foarlêze
9.00 oant 9.30 oere	in beweech- of kreative aktiviteit
9.30 oere	fruit ite, fersoarge troch berne-opfang It Boefke
10.00 oant 11.00 oere	bûten boartsje
11.00 oant 11.25 oere	frij boartsje, opromje
11.30 oere	tafel klearmeitsje
11.45 oere	lekker ite, fersoarge troch berne-opfang It Boefke
12.30 oere	de lytse bern op bêd bringe
12.30 oere	de oare bern meie telefyzje sjen
13.00 oere	in nifelaktiviteit ûndernimme of bûten boartsje
13.40/14.10 oere	de bso-bern fan skoalle helje
14.30 oere/15.00 oere	tee, ranja en fruit of koekje, chips, nûtsjes
15.45 oant 16.30 oere	frij boartsje of kuijerje en in kreative aktiviteit foar de bso
16.30 oant 17.00 oere	spultsjes
17.00 oant 17.45 oere	tafel klearmeitsje en it waarm iten taryede dat de âlders meijûn hawwe; mei-inoar ite en de tafel ôfromje
18.00 oere	ticht

Wy brûke it deiritme fleksibel. As de bern bygelyks moai en ûntspannen dwaande binne, dan lûke wy dêr ekstra tiid foar út. De oergongen tusken de ferskillende mominten beneame wy. Sa krije alle aktiviteiten foar de bern in dúdlike start en in dúdlik ein, en wurdt de situaasje foar harren helder. De deiritmekaarten helpe dêrby.

### *Selsstannichheidskontrakt*

Wy oerlizze mei de âlders fan 'e bso-bern wat harren bern selsstannich kin en mei; bygelyks allinne fan skoalle komme, mei freontsjes boartsje of allinne nei hûs gean. Dy ôfspraken lizze wy fêst yn in selsstannichheidskontrakt en passe wy oan as in bern oan mear selsstannichheid ta is.

### **5.3 Iepeningstiden**

Berne-opfang It Boefke is moandeis oant en mei tongersdeis iepen fan 6.30 oant 18.00 oere en freedse fan 6.30 oant 17.00 oere.

### **5.4 Fieding**

Yn berne-opfang It Boefke ite wy mei-inoar farsk fruit en farske bôle oan tafel; dat fine wy hiel belangryk. De bern kinne sels kieze wat se dy deis ite wolle en kinne. Fan 'e leeftiid fan 1,5 jier ôf soarget berne-opfang It Boefke foar it iten; flessefieding en ruften jouwe de âlders sels mei.

### **5.5 Sliepe**

Yn berne-opfang It Boefke is in fêste sliepkeamer, dêr't seis bern sliepe kinne. Elk bern hat syn eigen bedsje en sliepgoed, mar ek syn eigen sliepritme. Ik pas my by de bern oan: it iene bern sliept koart en it oare bern sliept langer. Ik fyn it belangryk dat elk bern kriget wat it nedich is: wannear't in bern ferlet hat fan sliep, dan is dat mooglik. As âlders dat noflik fine, hâlde wy by harren baby itselde sliepritme oan as thús; by it heljen en bringen beprate wy dy ynformaasje mei de âlder. Aldere bern geane mei yn it ritme en kinne ûnder it sliepen fan 'e jongste bern oare aktiviteiten ûndernimme. Berne-opfang It Boefke hat ek bûtenbedsjes.

### **5.6 Sykte**

Yn berne-opfang It Boefke folgje wy it protokol dat wy de âlder, as in bern heger as 38,5 °C koarts hat, freegje om it sike bern op te heljen, sadat it yn syn of har feilige omjouwing better wurde kin en oare bern net besmette kin.

Mocht it bern thús al siik wêze, dan ferwachtsje wy fan 'e âlders dat sy him of har thúshâlde. Berne-opfang It Boefke hat yn 'e protokollemap in oersjoch dêr't alle sykten yn steane dy't foarkomme by bern fan 0 oant 4 jier. As der in besmetlike bernesykte hearsket, dan bringe wy alle âlders op 'e hichte. Foar it jaan fan medisinen folje wy earst mei de âlders in medikaasjeferklarring yn en ûndertekenje dy.

### **5.7 Aktiviteiten bûten berne-opfang It Boefke**

Yn berne-opfang It Boefke meitsje wy faak lytse, deistige útstapkes, lykas nei de buorkerij, nei de bakkerij op 'e hoeke oan 'e Leeuwerikstrjitte, nei de grienteman yn it sintrum of nei it hartekamp om de hartsjes bôle te jaan. De fêste frijwilliger of in stazjêre helpt dan mei.

Alle jierren organisearret berne-opfang It Boefke in gruttere aktiviteit, lykas in âlderjûn, in besite oan 'e bibliotek of in dei fuort. Foar dy útstapkes freegje wy oare folwoeksenen lykas âlders en de fêste frijwilliger of stazjêre om mei te helpen. Wy belûke de âlderkommisje by it organisearjen fan dy mominten.

## 6. Kontakt mei âlders

---

Berne-opfang It Boefke hat as misje om op in persoanlike wize om te gean mei de âlders en de bern. It kontakt mei-inoar fine wy hiel belangryk. Mei persoanlik kontakt en oandacht foar elk bern biede wy in feilich lear- en ûntdekplak.

### 6.1 Yntake en pleatsing

Berne-opfang It Boefke stiet foar in feilich gefoel by de bern. As âlders de opfang besjoen hawwe en ynteressearre binne, dan gean ik as liedster by harren op húsbesite, sadat ik de húshâlding kennen leare kin en sy my. Wy kinne wensten, gewoanten en bysûndere ferletten dan útwikselje. Wy meitsje ûnder dat yntakeproses ek konkrete ôfspraken oer de opfang en de wenperioade fan it bern. By de yntake krije de âlders ynformaasje oer de website en KindPlanner, mei alle ôfspraken dy't jilde yn berne-opfang It Boefke. Ik wiis harren op it klachtrjocht en op 'e funksje fan 'e âlderkommissje. Ik wiis harren ek op dit pedagogysk beliedsplan en op it ynspeksjerapport; de aktuele ferzje dêrfan stiet op ús website.

### 6.2 Wenperioade fan it bern

Berne-opfang It Boefke hat foar it bernedeiferbliuw in wenperioade, dêr't de âlders earst in oerke 'meidwaan' meie, sadat se ûnderfine kinne hoe't it giet yn berne-opfang It Boefke. Dêrnei kin it bern bygelyks twa oerkes allinne komme te boartsjen, sadat it fierder wenne kin. Elk bern hat syn eigen ferletten en berne-opfang It Boefke fynt it belangryk om dêr yn te foarsjen. It wennen is dan ek in yndividueel proses en yn oerlis mei de âlders sille wy tuskentiids hieltyd wer besjen yn hokker tempo en op hokker wize it wenproses it bêste fierder ferrinne kin foar harren bern. Yn berne-opfang It Boefke fine wy it uteraard ek foar de bso-bern belangryk dat se harren gau thúsfiel. As in bern foar it earst op 'e bso komt, is der in deidiel dat se yn 'e kunde komme kinne mei de opfang en de liedsters en bern dy't oanwêzich binne. De wenmiddei duorret altyd twa oerkes. Yn 'e groep wurdt it bern troch de fêste liedster yntrodusearre en dêrnei stelle de bern harren foar. It bern wurdt (troch de bern) weiwiis makke yn 'e opfang en it kriget de tiid om stadichoan te wennen oan 'e liedster, de bern en de gewoanten en ôfspraken dy't yn 'e opfang jilde. Ofhinklik fan it ferrin dêrfan wurde de ôfspraken oer it wennen eventueel op 'e nij besjoen: it is ommers in yndividueel proses. As in bern trochstroomt út 'e dei-opfang nei de bso, ken it bern alle bern en liedsters al en is de romte fan 'e opfang bekend; it is ommers ien groep dêr't se opfongen wurde.

### 6.3 Kontaktmominten

Berne-opfang It Boefke fynt it kontakt mei âlders hiel belangryk; it foarmet de basis fan ús hanneljen. Yn it belang fan it bern is in goede kommunikaasje tusken âlders en fersoargers en mysels as fêste liedster in pree.

Berne-opfang It Boefke hat kontakt mei âlders by it bringen en heljen fan harren bern; der wurdt frege nei it wolwêzen fan it bern en wy freegje eventueel wat oaninoar. Troch in app kinne âlders lêze wat de bern dy deis dien hawwe, wat se iten hawwe en hokker bysûnderheden der binne. Dat docht berne-opfang It Boefke oant it bern 12 jier is. Dêrnei wurdt der in kollaazje makke fan nifelwurkjes, foto's en ferhaaltsjes: alles wurdt yn in map byhâlden, salang't it bern op berne-opfang It Boefke bliuwt en dêrnei wurdt it meijûn oan it bern en de âlders.

Alle trije moannen krije âlders en fersoargers in nijsbrief mei. Dêr wurdt yn fermeld wat de aktiviteiten fan berne-opfang It Boefke west hawwe, wat der noch komme sil en oar aktueel nijs. De website fan berne-opfang It Boefke is altyd by en der stiet in soad ynformaasje op. Wy maile ek gauris foto's fan 'e bern oan 'e âlders en fersoargers. Fierder kinne se in ôfspraak mei ús meitsje as se fragen, soargen of meidielingen hawwe. Alle jierren organisearret berne-opfang It Boefke aktiviteiten, lykas in âlderjûn of in útstapke nei de buorkerij.

## 6.4 Evaluaasjes

Nei de earste seis wiken beprate wy mei de âlders hoe't de opfang ferrûn is. Dêrnei folget alle jierren in âlderpetear, sadat wy it wolbefinen fan it bern yn 'e opfang beprate kinne. Is it bern jonger as 4 jier, dan brûke wy dêr de observaasjemetoade 'Zo ben ik' foar.

Op oare mominten kin ik, by eventuele soargen, de bern ek observearje om te witten hoe't harren ûntwikkeling ferrint. Ik brûk de metoade 'Observatie en spelbegeleiding' dêrfoar; dêr haw ik sertifikaten foar behelle. As it nedich is, kin ik ekstra stipe biede op dizze ûntwikkelingsmêden:

1. Lichaamlike ûntwikkeling (motoryk);
2. Sosjaal-emosjonele ûntwikkeling;
3. Kognitive ûntwikkeling (rekkenjen, taal);
4. Kreative ûntwikkeling;
5. Untwikkeling fan identiteit en selsbetrouwen;
6. Bewegen stiet sintraal (troch bewegingsmateriaal wol ik mei de bern fan 0-4 jier alle dagen ekstra bewege).

### *Oerdracht basisskoalle*

As it bern 4 jier wurdt, kriget de âlder in oersjochformulier fan 'e opfang mei nei skoalle. De gemeente hat dat formulier mei de skoalle en opfang makke. Mei goedkarring fan 'e âlders wurdt it oerdroegen oan skoalle.

Berne-opfang It Boefke hat twa kear yn it jier in waarme oerdracht oer it bern mei de skoalle. Dat bart ek altyd yn oerlis mei de âlders.

## 6.5 Alderkommisje

Berne-opfang It Boefke stelt in âlderkommisje gear troch âlders aktyf te benaderjen mei de fraach oft se meitinke wolle yn 'e âlderkommisje. De âlderkommisje moat út op syn minst twa (by foarkar trije) âlders bestean. De komisje mei advys útbringe oer elk foarnommen beslút fan 'e opfang, lykas it pedagogysk belied, algemien belied op it mêd fan opfieding, feilichheid en sûnens, of de iepeningstiden. De âlderkommisje hat ek in ûnôfhinklik e-mailadres makke, sadat âlders neutraal advys of meidielingen diele kinne mei de âlderkommisje.

Op dit stuit sitte trije persoanen yn 'e âlderkommisje: Monique de Bruin, Marijke Jagersma en Marijke Feenstra.

Foar fragen oer de âlderkommisje kinne âlders kontakt mei de liedster fan berne-opfang It Boefke opnimme.



## 7. Kwaliteit en organisaasje

---

### 7.1 Lieding en persoaniel

As fêste liedster fan berne-opfang It Boefke haw ik, Tineke Spoelstra, in SPW 3-oplieding mei goed gefolch ôfmakke. Ik haw ek ferskate kursussen dien; sa haw ik sertifikaten fan 'Spelbegeleiding', 'Observeren van kinderen', 'Een jongen is geen meisje', 'De Piramidetraining' en de 'Raaktraining' oer bernemishanneling. Fierder haw ik in jildich berne-EHBU-diploma.

Ik haw mear as tsien jier ûnderfining yn it wurkjen op in pjutteboartersplak. Dêrneist haw ik pjutten stimulearre dy't ekstra stipe nedich hiene yn harren ûntwikkeling.

De fêste liedsters beskikke ek oer in jildige SPW3-oplieding en in jildich EHBU-diploma. Yn 2020 is 'De taal f' behelle en hawwe wy in diploma foar 'Baby op de groep' krigen. Troch it jierlikse skoallingsoanbod sille alle liedsters ek alle oare kursussen folgje; sa kinne wy de bern hieltyd direkter stimulearje yn harren ûntwikkeling.

Hjirûnder lêze jo wa't de oare liedsters fan berne-opfang It Boefke binne:

- Selma de Haan is as fêste liedster tiisdeis, woansdeis en tongersdeis oanwêzich. Se hat sels bern: Tessa en Chris Zijlstra.
- Femke de Vries moandeis, tiisdeis en freeds fêste liedster op it bernedeiferbliuw en hat in berntsje mei de namme Jinte Slagter.
- Gretha Hoekstra hat in berntsje, Jonathan, en is it fêste gesicht op 'e bso.
- Irma Bouma is de fêste ynfalkrêft.

### 7.2 Ferfanging, stipe, stazjêren

Berne-opfang It Boefke hat in pear fêste ferfangers dy't belle wurde kinne by sykte; sy hawwe ûnderfining en diploma's. Wy hawwe gauris in fêste frijwilliger: Yvonne Veurman. Sy hat jierrenlange ûnderfining mei it wurk op in pjutteboartersplak en sil ús stypje by ferskate wurksumens, lykas mei-inoar ite, kreative aktiviteiten mei de bern dwaan en útstapkes meitsje nei de grienteman, de bakker of de buorkerij. As frijwilliger stiet sy nea allinne op 'e groep.

Ta beslút binne der faak stazjêren by berne-opfang It Boefke. De opfang is in erkend staažbebedriuw, oansletten by SBB. As praktykoplleder liede wy studinten fan 'e oplieding 'Helpende welzijn' fan 'e Friese Poort yn Ljouwert op yn 'e praktyk. Dat hâldt yn dat wy ûnder harren staažeperioade ynstruksjes en begelieding jouwe op 'e wurkflier, it learproses fan 'e stazjêre yn 'e rekken hâlde en stjoere, en begeliedings- of fuortgongspetearen fiere mei de stazjêre. Dat alles bart alle moandeis en tiisdeis; dan is de stazjêre fiif oeren it deidiel as stipe oanwêzich.

Taken dy't de stazjêre útfiere mei, binne: helpe by it iten fan it fruit en de bôle, mei gruttere bern nei it húske gean en pjutten ûnder begelieding fan in pedagogysk meiwurker ferskjinje. Fierder wurdt fan 'e stazjêre ferwachte dat se stipet by it begelieden fan en meidwaan oan aktiviteiten. Babys wurde allinne troch de pedagogysk meiwurker fersoarge, lykas de flesse jaan en ferskjinje. De stazjêre is altyd boppetallich.

### 7.3 Meldkoade

Yn berne-opfang It Boefke is in meldkoade foar bernemishanneling oanwêzich, dêr't in protokol yn fêststeld is dat (oantoanber) folge wurdt yn gefal fan (in fermoeden fan) bernemishanneling en/of seksueel misbrûk. Dat fermoeden kin gean oer de thússituaasje fan it bern of de opfangsituaasje. Dy meldkoade kinne âlders besjen op berne-opfang It Boefke.

## 7.4 Sinjalearjen fan bysûnderheden yn 'e ûntwikkeling

### *Rjochte op 'e ûntwikkeling*

Yn berne-opfang It Boefke soargje ik foar in sfear fan waarmte en feilichheid troch as fêste en sensitive fersoarger oanwêzich te wêzen, goed te harkjen en adekwaat te reagearjen op elk bern. Troch dy feilichheid kriget it bern de kâns om te boartsjen, de wrâld te ûntdekken en syn eigen grinzen te ferlizzen. Ik hâld rekken mei de eigenheid fan elk bern. Elk bern ûntwikkelet him op syn eigen unike wize, yn syn eigen tempo en mei syn eigen ynteressen. Ik draach soarch foar it oanbieden fan kondysjes foar it spul en foldwaande aanbod fan aktiviteiten en spulmateriaal, dat by de âldens en ynteresse fan elk bern oanslút.

It boartersguod yn berne-opfang It Boefke is útnûgjend foar de fantasy en stimulearret ferskillende aspekten fan 'e ûntwikkeling, lykas de lichaaamlke ûntwikkeling (fine en rûge motoryk), de kognitive ûntwikkeling en de sosjaal-emosjonele ûntwikkeling. Troch op alle mêden hieltyd foar útdaging te soargjen, komme bern foarút en sil úteinlik harren selsbetrouwen en selsstannichheid grutter wurde. As stipe dêrby brûke wy yn berne-opfang It Boefke de EES-metoade. Dat is in stimulearringsprogramma dat heart by 'Zo ben ik'. Sa biede wy alle dagen ekstra stimulearring en begelieding. Hjirûnder steane wat foarbylden:

- **Utdage:** ik set boartersguod krekt fan it bern ôf, sadat it him of har dêr nei ta bewege moat it om it pakke te kinnen.
- **Oantrúnje:** ik sis tsjin it bern: "Toe mar" of "besykje it mar".
- **Utlukke:** ik lok it bern út troch it efternei te sitten of eat ôf te pakken en te sjen hoe't it bern dêrop reagearret.
- **Foardwaan en neidwaan:** ik sis tsjin it bern: "Doch my mar nei", "no do", "dochsto it mar", ensafuorhinne.

Foar it stimulearjen is it belangryk dat ik it dat mei in soad entûsjasme oanbied. It bern moat sjen dat ik bliid wurd fan wat it bern docht; ik beleanje troch te klappen en te laitsjen. De earder neamde ûntwikkelingsmêden wurde troch dy metoade op strukturele en ferdjipjende wize ekstra stipe en stimulearre.

Mei de EES-metoade kinne wy efterstannen yn 'e ûntwikkeling safolle mooglik tsjingean.

### *Observearje, sinjalearje*

Twa kear yn it jier wurdt, op fêste mominten, in observaasje útfierd om in bern te folgjen yn syn of har ûntwikkeling. Troch dy wurkwize kinne bysûnderheden op 'e tiid sinjalearre wurde. Elk bern sil observearre wurde troch hieltyd deselde fêste liedster, de mentor fan it bern. Al ûnder it yntakepetear wurdt oan 'e âlders melden wa't de mentor fan harren bern wurde sil. Yn berne-opfang It Boefke kin ik dat sels wêze of in oare fêste liedster. Dy mentor folget de ûntwikkeling fan it bern, docht de observaasjes neffens it keazen ûntwikkelingsfolchsystem en is altyd it earste oansprekpunt foar de âlders, en by de bso ek foar de bern.

Foar de observaasjes fan 'e bern fan 0 oant 4 jier brûke wy de observaasjemetoade 'Zo ben ik'. Dy observaasje is skriftlik; elk bern kriget syn eigen boekje en wy fiere de observaasje út as der twa liedsters op 'e groep binne; sa is der alle tiid foar sawol de observaasje as foar de oare bern. Ut ien observaasje kin bliken dwaan dat in bern efferint op in ûntwikkelingsmêd. Dat is in sinjaal om it bern ekstra yn 'e rekken te hâlden. Om't it bern jong is en de ûntwikkeling noch fariearje kin, ûndernimme wy yn dy faze gjin ferfolchstappen.

Ik haw in training folge en haw ûnderfining yn it op in goede wize brûken en tapassen fan beide boppeneamde metoaden en begelied it personiel dêryn. Troch mei-inoar te oerlizzen en observaasjes fan bern te bepraten, kin ek it personiel goed mei dy metoaden wurkje en sa ek as mentor bysûnderheden yn 'e ûntwikkeling fan bern, of oare problemen sinjalearje. As der fragen binne oer de metoade sels of de ûntwikkeling fan it bern, dan kinne wy altyd de help fan pedagooch Mara Bos fan Team 050 ynroppe.

### *Begelieding, ferfolchstappen*

Mocht nei in twadde observaasje de efterstân noch hieltyd oan 'e oarder wêze en der in sterker, mear alarmearjend sinjaal wêze, dan folgje fierdere stappen. De mentor sil de aard fan 'e efterstân yn kaart bringe om it bern dêrnei op passende wize ûntwikkelingsrjochte begeliede te kinnen. Dat kin, ôfhinklik fan 'e aard fan 'e problematyk, mei help fan 'e pedagogyske helpmiddels dy't hearre by de observaasjemetoade dy't wy brûke. Wy kinne ek yn oerlis mei de pedagooch fan Team 050 in passend begeliedingsplan opstelle. Om de goede karren meitsje te kinnen, sil de pedagooch it bern observearje en, mei help fan 'e ûnderfiningen fan 'e mentor, in advys/plan fan oanpak opstelle. It effekt fan ekstra begelieding en soarch wurdt evaluatearre; dêr brûke wy it observaasjeinstrumint foar. Op basis fan ús konklúzjes stelle wy it plan eventueel by.

As eksterne soarchbegelieding needsaaklik is – trochferwizing bart altyd yn oerlis mei de pedagooch fan Team 050 – dan slút de mentor safolle mooglik oan by de soarch dy't ekstern bean wurdt. As it mooglik is, binne der kontakten mei de eksterne soarchferliener, lykas it konsultaasjeburo, de húsdokter, fysioterapeut, JGZ, logopedy en CJG.

### *Rol fan 'e âlders*

Under it struktureel folgjen fan 'e ûntwikkeling fan in bern wurde de âlders hieltyd belutsen yn it proses; der wurde gjin stappen ûndernommen sûnder meiwitten en goedkarring fan 'e âlders. Alders wurde ek aktyf belutsen by de oanpak fan eventuele efterstannen.

Dat jildt ek foar de oerdracht nei de basisskoalle en bso. Wy stribje altyd nei in trochgeande ûntwikkelline fan it bern en yn oerlis mei de âlders dogge wy in kâlde oerdracht (formulieren) of in waarme oerdracht. Foaral by soargen of bysûnderheden yn 'e ûntwikkeling fine wy in waarme oerdracht better.

## **7.5 Foarskoalske Edukaasje**

Foarskoalske Edukaasje is in stimulearringsmaatregel fan 'e oerheid om previntyf en aktyf ûnderwiisefterstannen by jonge bern fan 0 oant 4 jier tefoaren te kommen. Bern dy't foar de aktive stimulearringsmaatregel yn oanmerking komme, om't sy in risiko hawwe op ûnderwiisefterstân, ferwiist de GGD troch.

Yn 'e takomst biede wy Foarskoalske Edukaasje oan troch it programma Uk & Puk. Dat is in sertifisearre programma foar bern fan 0 oant 4 jier, mei as doel om harren in brede start yn it basisûnderwiis te bieden om sa ûnderwiisefterstannen tefoaren te kommen. De bern wurde yn harren ûntwikkeling stimulearre troch mei-inoar te boartsjen en te ûntdekken, en sa feardichheden te oefenjen op it mêd fan it praten en taal, it omgean mei gefoelens en it omgean mei-inoar, it bewegen en ûnderfinen fan romtlik begryp. Wy fine it belangryk om sa alle jonge bern de kâns te jaan om harren sa optimaal mooglik te ûntwikkeljen en harren boartsjendewei in goede start jaan te kinnen, mei bern dy't net fuort in (risiko op) ûnderwiisefterstân hawwe.

By alle aktiviteiten dy't hearre by it 6-wyklikse tema brûke wy de pop Puk. Puk is de hiele dei yn 'e boartersromten fan ús opfang oanwêzich en docht mei oan 'e aktiviteiten. Dy aktiviteiten hearre by tema's dy't ticht by de belibbingswrâld fan it bern steane. Puk spilet hieltyd in belangrike rol yn dy aktiviteiten; hy makket wat mei dat de bern weromkenne. Troch Puk wurde de bern belutsen by in aktiviteit en útdage om mei te dwaan.

Wy fiere de aktiviteiten út yn 'e ferskillende boartersromten en de bûtenromte fan berne-opfang It Boefke. Yn 'e boartersromten binne in oantal fêste hoeken; der is in poppehoeke, in bouhoeke, in beweechhoeke en in kreative hoeke. Troch de oanwêzichheid fan 'e ferskillende boartershoeke soargje wy derfoar dat in bern de romte hat om sels te kiezen wat it wol en wêr't it mei boartsje wol. Der is boartersmateriaal oanwêzich foar elke leeftiid en elk nivo, passend by de ferskillende ûntwikkelingsfazens. Yn 'e kreative hoeke nifelje de bern mei-inoar. Bûten is der in sânbak, skommel, wetterbaan, glydbaun, grientetún, der binne houten stapstiennen en der is allegearre bûtenboartersguod.

Oan 'e hân fan 'e metoade 'Zo ben ik' kinne wy de ûntwikkeling fan 'e bern hiel krekt folgje, sadat wy witte hokker aspekten yn 'e ûntwikkeling wy noch ekstra stimulearje kinne.

De âlders wurde hieltyd belutsen by de tema's en de aktiviteiten dy't dêrby hearre. Alderearst binne se troch de oanwêzichheid fan pop Puk en de ferskillende rollen dy't er by syn ûnderfiningen spilet faak fuort op 'e hichte fan in nij tema. Fierder soargje wy derfoar dat âlders yn in nijsbrief ekstra ynformaasje oer it nije tema krije, de aktiviteiten dy't wy by dat tema dwaan sille en wat de âlders thús sels dwaan kinne om de (taal)ûntwikkeling fan harren bern ekstra te stimulearjen. Wy meitsje alle dagen in ferslach, dêr't wy yn beskriuwe wat harren bern dy deis dien hat. Sa binne de âlders goed op 'e hichte en kinne se thús ek fierder yngean op en omtinken jaan oan it aktuele tema; dat sil fuortsterkjend wurkje op 'e ûntwikkeling fan it bern. Ta beslút wurde de observaasjegegevens altyd mei de âlders bepraat, sadat sy ek ynsjoch hawwe yn 'e fuortgong fan harren bern op 'e ferskillende ûntwikkelingsmêden.

Wy stribje altyd nei in trochgeande ûntwikkelline fan it bern en yn oerlis mei de âlders kieze wy foar in kâlde oerdracht (formulieren) of in waarme oerdracht (in petear). Foaral by soargen of bysûnderheden yn 'e ûntwikkeling fine wy in waarme oerdracht better. Wy hawwe goed kontakt mei de basisskoalle yn De Westereen en hawwe meastentiids in waarme oerdracht. Op it oerdrachtsformulier jouwe âlders oan oft se wol of gjin tastimming jouwe foar de oerdracht fan 'e gegevens oan 'e basisskoalle.

Liedsters mei in VE-diploma soargje yn dit hiele proses foar in bewuste en planmjittige oanpak yn 'e aktiviteiten mei de bern. Om garandearje te kinnen dat de kennis en feardichheden fan 'e liedsters op nivo bliuwe, wurkje wy alle jierren mei in opliedingsplan, dat wy aktueel hâlde.

## **7.6 Twatalige berne-opfang**

As berne-ferblyf yn Fryslân hawwe wy hast altyd te meitsjen mei in twa- of meartalige situaasje. De bern prate Frysk of Nederlânsk, of soms in streektaal of in bûtenlânske taal. In twatalige situaasje is hiel moai en learsum foar bern. Ut ûndersyk oer de hiele wrâld docht bliken dat in twatalich bern der makliker mear talen by leart. Meartalichheid befoarderet ek de kognitive ûntwikkeling fan in bern.

Om de foardielen fan meartalichheid safolle mooglik te benutten, is it goed om as berne-ferblyf neffens in taalbelied te wurkjen. Omdat in bern yn in twatalige omjouwing leare moat om de talen faninoar te skieden, is it belangryk dat je as pedagogysk meiwurker konsekwint binne yn je taalgebrûk. Fierder is it belangryk dat der yn 'e foarskoalske perioade in soad omtinken is foar de minderheidstaal, yn ús gefal it Frysk. Frysktalige bern krije sa in bredere basis yn harren memmetaal, wat letter ek wer te'n goede komt oan 'e ûntwikkeling fan it Nederlânsk. Nederlânsktalige bern leare der sa boartsjendewei in twadde taal by.

By berne-opfang It Boefke dogge wy al in soad mei taal. It is dan ek in moaie útdaging om dêr noch bewuster mei om te gean. As opfang- en ynstruksjetaal sil ik safolle mooglik it Frysk brûke. Yvonne Veerman biedt it Nederlânsk oan. Fierder kriget it

Nederlânsk ek in plak yn ôfbeakene aktiviteiten lykas by it sjongen, taalspultsjes en rollespullen. Eventuele ynfalkrêften en stazjêren belûke wy by it twatalige oanbod.

By it trajekt krije wy stipe fan it Sintrum Frysktalige Berne-opfang. Us begeliedster Janny Posthuma komt gauris del mei materialen en tips. Sy observearret ús wurkwize ek en begeliedt ús.

## **7.7 Fersekeringen**

Berne-opfang It Boefke hat alle relevante fersekeringen ôfsletten. Alders binne ferplichte om in AVP ('Aansprakelijkheidsverzekering Voor Particulieren') ôf te sluten. As in bern skea feroarsaket, falt dat ûnder de AVP fan 'e âlders.